

NSC Europeesk Parlemint

# Ús politike karren yn it koart



## 1 Europeeske feilichheid

De frije demokrasy fan Europa moat mei-inoar ferdigene wurde. We biede folút stipe oan Oekraïne. Mar we stean net sterk. Ús definsje yn Europa is net op oarder. De nasjonale definsje en wapenproduksje yn Europa moatte dêrom bot fersterke wurde mei grutte mooglikheden foar ynfestearingen yn Nederlân. Europa moat har ferienigje en foaral de Europeeske bûnsgenoaten fan de NAVO. Njonken fysike definsje is ek digitale beskerming hurd nedich. Allinne Europa kin dat adekwaat oanpakke.

### Dit hat konkrete gefolgen foar ús karren:

- Fersterkje kostet in soad jild. Wy dogge dat foar in part troch it definsjebudzjet op te heegjen nei teminsten 2% fan ús bruto binnenlânsk produkt. Oare lidsteaten moatte dat ek dwaan.
- We ferskove miljaren net bestege subsydzjejild fan it Europeeske Coronawerstelfûns en oare fûnsen nei ynfestearingen yn de Europeeske ynnovaasje en produksjekapasiteit foar wapens en munysje.



## 2 Bûtengrinzen Europa

Fan de grutte ynstream fan migranten yn Europa dy't relatyf faak yn Nederlân einigje, wolle wy allinne reguliere migranten oerhâlde. Dat betsjut seleksje by de bûtengrinzen. Wy binne foar romhertige talitting fan flechtlingen dy't persoanlik om reden fan geloof, miengingsutering, aard of hokker etnyske eftergrûn dan ek ferfolge wurde. Dit is op de totale stream in lytse groep. De grutte groep migranten dy't flechtet foar oarloch en earmoede moat yn de eigen regio fan komôf opfongen wurde en wurdt de mooglikheid om nei Europa te kommen bot beheint. Foar Oekraïners is Europa de regio, dêrom meie sy op tydlike beskerming fan Europa rekkenje. Asylfregers út feilige lannen binne kânsearm en wurde yn begjinsel keard. Oerbleaune kânsrike asylfregers wurde foar de prosedure earlik ferdielt oer alle lidsteaten en krije in humane opfang. Ek arbeids- en stúdzjemigraasje sille we bot beheine. We meitje dêroer ûnderlinge ôfspraken mei Europeeske lannen oer ynterne arbeidsmigraasje mei easken oan hûsfesting, yntegraasje, kennisnivo en tafoege wearde.

### Dit hat konkrete gefolgen foar ús karren:

- Der moat mear jild nei Frontex, dat de bûtengrinzen fan Europa yn 'e gaten hâldt. De EU mei steun jaan oan it ôfskermjen van bûtengrinzen mei stekken of ôfskiedingen.
- It migraasjepakt dat asylfregers oer de EU ferdielt moat ek in sterke útfieringsorganisaasje krije. Minsken dy't net yn Nederlân hearre te wêzen wurde wer troch dit agentskip weromhelle.
- Opfang fan asylsiker yn tredde lannen moat kinne.
- Mocht it EU-migraasjebelied dochs net wurkje en de migraasjebeheining

tekoartsjitte, dan moat Nederlân binnen twa jier fersterke kontrôles oan de eigen lânsgrinzen opnij ynfiere, yn de mande mei lykstimde oare EU-lannen ('asyl-Schengen'). Yn lêste ynstânsje moat it foar Nederlân mooglik wêze om, lykas Denemarken, te kiezen foar in 'opt out' fan it mienskiplik asylbelied. Dat kin bygelyks by in ferdrachswiziging.



### 3 Europeeske ekonomyske stabiliteit

Hege begruttingsteakoarten en skulden fan lidsteaten bedriigje de stabiliteit fan de eurosône en sette pensjoenen en besteanswissigens op it spul. Wy wolle gjin skulden- en transferuny wêrby't sekuere lannen as Nederlân it tekoart fan oare lannen tichtsje moatte. De takomst fan de yndustry en de wissichheid op it mêd fan enerzjy en iten op ús kontinint moatte we feilichstelle troch in goed yndustrybelied, it stimulearjen fan ynnovaasje en it tsjingeane fan ûnearlike konkurrinsje út oare wrâlddielen.

#### Dit hat konkrete gefolgen foar ús karren:

- De Europeeske Sintrale Bank moat wer werom nei har mandaat: ynflaasje beheine yn stee fan it opkeapjen fan skulden of it neijeien fan klimaatdoelstellingen. De begruttingsdiscipline fan alle lidsteaten moat hanthavene wurde.
- We binne tsjin nije Europeeske fûnsen dy't finansiële wurde mei lieningen.
- Der moat haast makke wurde mei in plan foar wissigens op it mêd fan enerzjy en iten (ynklusyf medisinen) op ús kontinint.
- Grinsoergeande fraude en it mijen fan belesting fan tige rike en grutte bedriuwen moat oanpakt wurde.
- Ús bedriuwslibben moat geopolityk konkurrearjender wurde: ferminderje steapele regels, fersterkje de yndustry, stypje bedriuwen yn de klimaattransysje en stopje de ûnearlike konkurrinsje út Sina wei.



### 4 Wa't Nieuw Sociaal Contract seit, seit goed bestjoer

De Europeeske Uny stiet pal foar de rjochtssteat, demokrasy en frijheid fan mieningsutering. Dat is ús basis. Lannen dy't dat net garandearje binne wat ús betrefte gjin Europeeske sint wurdich, perfoast gjin miljardestipe. En wêr't de EU har belied net wier makket moatte we ek de mooglikheid krije it foech werom nei Nederlân te heljen. Ek dat is demokrasy. De soevereiniteit fan Nederlân en oare lidsteaten mei net slûpendewei útholle wurde. Benammen de útfiering en foarmjouwing fan ôfsprutsen doelen lizze by de nasjonale oerheden: tink oan klimaat, boaiembeskerming, natuerwerstel, sosjale wissichheid, soarch, kultuer en mienskipssin mei ús eigen tradysjes en noarmen. We kieze foar útwreiding fan it foech fan de Twadde Keamer by it ta stân kommen fan Europeeske wetjouwing, net foar útwreiding inisjatyfrjocht foar it Europeesk Parlemint.

#### Dit hat konkrete gefolgen foar ús karren:

- Der mei gjin jild nei EU-lannen (en dêrbûten) dy't de rjochtssteat of de frije demokrasy/frijheid fan mieningsutering en godstsjinst ûndermynje.
- Nederlânske bewâldsminsken stimme binne de Europeeske ministerried yn oerienstimming mei de winsk fan de Twadde Keamer. Oars moatte sy ôfgeane.
- De Europeeske ministerried makket har ferslaggen iepenbier.
- Boargers krije by útwreiding fan de EU of ferdrachswiziging wêr't de Twadde Keamer akkoart mei gien is it rjocht om in korrektyf referindum te hâlden.

- It Europeesk Parlemint moat werkenberder en lytser wurde fan rom 700 leden nei op syn heechst 500, ferkiezingsen per regio en we fine dat de beleaning fan meiwurkers yn tsjinst fan de Europeeske Unie beskiedener mei.
- De Europeeske Unie en har ynstellingen sille oan deselde hege noarmen fan goed bestjoer en demokrasy hâlden wurde as de lidsteaten. Dêrfoar binne ferskate maatregels nedich, lykas it lid wurden fan de EU ta de Ried fan Europa.